

Tsjil

Tema: Wêr krijsto enerzjy fan?



Jiergong 27 | nûmer 1 | septimber 2023

Sponsorloop

In wy-ke fan in selske

Power troch fruit en sport

Ynhâld

5



7

Kom fierder 3

Gedicht 4

Sjoch my 5

Der op út 6

LinKKe side 7

No sa! 8-9

Koart ferhaal 10-11

Tsjille Fragen 12-13

Tsjek dit! 14-15

Keunstner yn dy 16-17

Net te leauwen 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20

18



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Haadredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Jacob van Essen, Hoge Noorden

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
🌐 www.cedinonderwijs.nl/tsjil
ISSN: 1389-348X

Abonnemintsprizen 2023-2024:
Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oanmelde

It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassespakket útjûn.

Abonneminten op Tsjil binne
troch rinnende abonneminten.
Opsizzen fan it abonnemint kin foar
1 juny fan it rinnende skoaljier.

TAALPLAN
FRYSK
2030

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter


POWER!!!

Moai dat jimme yn dit nije skoaljier de Tsjil alwer yn hannen hawwe! Tsjil komt acht kear yn it jier út. Dêrneist kinst ek sjen en meidwaan oan it programma Tsjil Tsjekt. Dyn juf of master kin in koade oanfreegje en as jimme klasse ynlogd is, kinne jim punten fertsjinje. Wa't oan 'e ein fan it skoaljier de measte pompys fertsjinne hat, want sa hjitte dy punten, mei himsels de tsjilste klasse fan Fryslân neame. Wa wit komt Raynaud mei de kamera ris in kear by jim op skoalle!

De Tsjil giet dizze kear oer enerzjy. No eefkes net oer duorsumens mar wol oer saken dêr'tsto enerzjy fan krije kinst. Foar de ien is dat sport, foar de oar freonskip mar it kin ek gean oer enerzjy dy't dyn lichem út iten hellet. Witsto eins wol wat toarnbeien binne? Sjoch op side 6 foar it antwurd.

In soad lêswille en in moai skoaljier tawinske!

Groetnis, Tjitske



Freegje jimme koade oan
op tsjil.omropfryslan.nl

Tema's fan dit tydskrift:

- | | |
|--------------------------|--|
| Septimber: | wêr krijsto enerzjy fan? |
| Oktober/novimber: | berneboekewike en leare mei in beheining |
| Desimber: | jild, hannel en kadootsjes |
| Jannewaris: | waarmte en ljocht |
| Febrewaris: | ierde, moanne en romte |
| Maart/april: | spoaren nei it ferline |
| Maaie: | op 'e pleats |
| Juny/july: | wetter- en simmerwille |

Nije master

Wy ha fan't jier in nije master
'K seach him lêsten yn 'e stêd
Hy seach wat lilkich om him hinne
Miskien krekt wat te let op bêd?

Hy siet dêr foar in frouljuswinkel
en paste op de tassen
Op in bankje mei syn soan
Syn frou wie tink ik oan it passen

Sels hie ik ek net sa'n bêst sin
Ik woe in mûtse fan 'e Hûnekop mar dat gie oer
'It is gjin tiid foar mûtsen'
en 'mem fynt it fierste djoer'

De earste skoaldei fûn ik spannend
Yn 'e klasse by sa'n noartske fint
Ik seach him op it plein al rinnen
Hie ik my net siikmelde kind?

Doe't de bel gie, jûch er elk in hân
'Bliid dat jim der allegear binne!
Master knypeage eefkes nei my
'Moai dat we wer fleurich nei skoalle ta kinne'

It moaiste wie de gymnastyk
Follybal bûten yn it sân
Master hie him gau ferklaaid
Moai shirt master; *We kam fram Fryslân*

Sjoch my

Ella van Minnen

Diskuswerpe, kûgelstjitte, spearwerpe. Allegear ûnderdielen fan atletyk, ien fan de âldste sporten yn de wrâld. De Griken diene it al yn 1500 foar Kristus! En de sport bestiet noch altyd. De 10-jierrige Ella van Minnen fan Ljouwert is bloedfanatyk!

Ella traint al twa jier lang, meardere kearen yn de wike, by atletykferiening Lionitas yn Ljouwert. 'Wat it sa leuk makket, is dat der in hiel soad ferskillende ûnderdielen binne', seit Ella. Yn totaal binne der 24 Olympyske atletykdisiplines.

Mem fan alle Sporten

Atletyk wurdt ek wol de 'Mem fan alle Sporten' neamd, want do brûkst de trije minsklike basisbewegings: rinne, smite en springe. 'By it smiten hast bygelyks kûgelstjitten. Dan hast in swiere kûgel yn de hân en dy moast sa fier mooglik fuortsjitte. Of spearwerpe', leit Ella út. 'By it springen hast ûnder oare heechspringen of fierspringen.'



NK Estafette

Ella har favoryt is it rinnen. En dêr is sy goed yn, want foarich jier waard sy twadde op de Nationale Estafette Kampioenskippen. 'Dat dochst mei in groepke fan fjouwer, dy't allegear om bar 40 meter sprinte', leit Ella út. 'De earste persoan draaft nei persoan twa en jout in stokje oer. De twadde draaft dan nei de tredde en dy wer nei de fjirde. En dat yn noch gjin 28 sekonden!' 'Estfette fyn ik it leukst om't eltsenien syn bêst docht. It is ek hiel strang. Do moast it stokje goed oerdrage en binnen de linen bliuwe. Oars wurdst diskwalifisearre', seit Ella. 'Foarôf fûn ik it hiel spannend. Mar ast dêr stiest en it startskot giet, dan falt alles fuort. Dan bin ik hielendal fokusse.'

NK Indoor allround

Begjin dit jier die Ella mei oan in indoorwedstriid foar Pupillen (bern dy't nei 2005 berne binne) út hiel Nederlân. 'Ik die mei oan de 60 meter sprint, 600 meter drave,

kûgelstjitte en heechspringe. De 600 meter die ik yn 2.09 minuten en dêrmei waard ik op dat ûnderdiel fjirde fan de 71 dielnimmers', fertelt Ella grutsk.

Idoalen

Ella har grutte foarbylden binne Femke Bol en Douwe Amels. 'Ik wie derby doe't Femke it wrâldrekôr 400 meter indoor ferbruts.' Dat rekôr wie al 41 jier net ferbrutsen! 'Dat fûn ik hiel bysûnder.' In karriêre as profesjoneel atleet sjocht Ella sels ek wol sitten. 'Of atletykjuf by Lionitas.' Dizze moanne docht Ella wer mei oan it NK Estafette. Dan moat sy 60 meter sprinte yn stee fan 40, om't sy in jier âlder is. Dêrfoar moast sy in moanne lang in kear ekstra yn de wike traine. Senuweftich is Ella net. 'Ik wachtsje it rêstich ôf. Ik wit ek noch net wat myn team wurdt. Heech einige is leuk, mar ik doch foaral mei foar myn wille.'

Der op út



Kensto de toarnbei? Fêst wol, dat is dy strûk mei dy lekkere pears-swarte beikes dy't je oan 'e ein fan 'e simmer plôkje kinne yn de natuer. De Latynske namme *Rubus* betsjut **stekke** en asto wolris toarnbeien plôke hast, dan witst dat er aardich stekke kin. *Fruticosus* betsjut **fruitdragend**, dus de namme fertelt al dat der lekkere fruchten oan sitte.

TOARNBEI

Nederlânsk:

Braam

Latyn:

Rubus fruticosus

Tee

Datst de toarnbei as fruchtsje ite kinst, witte de measte minsken wol. Mar witst datst fan de bledsjes tee sette kinst? Ast gau siik of wurch bist, dan kin toarnbeitee helpe om dy wer fitter te fielen. De tee kinst ek goed drinkte ast diarree hast of ferkâlden bist. Ast kielûntstekking of plakjes yn 'e mûle hast, kinst goed spiele mei in sterke tee fan it toarnblêd.

De strûk

De toarnestrûk sit grôftfol enerzjy en is hast ûnferwoestber. Yn ien simmer makket er wol stâlen oant njoggen meter lang! Dizze stâlen groeie earst de loft yn oant se te swier wurde. Dan falle se nei ûnderen. Dêr't se de grûn reitsje, meitsje se nije woartels. Dat wurdt úteinlik in tûkebosk dêr't net trochhinne komme kinst. Eartiids waarden fan dizze stâlen biezens en kuorren makke.

Tips

Ast de hiele dei op skoalle sitten hast, kin it noflik wêze om nei skoaltiid eefkes yn de natuer te wêzen. Ast toarnbeien fynst, kinst se opite mar kinst der ek jam of wat oars lekkers fan meitsje, sa as it resept ûnderoan dizze side.

In pear tips foar it plôkjen:

- Plôkje de toarnbeien op knibbelhichte of dêrboppe sadat de kâns lyts is dat der in foks of hûn tsjinoan pisse hat.
- Plôkje gjin toarnbeien nei heal septimber, omdat se dan troch in skimmelynfeksje giftige stoffen befetsje kinne.
- Plôkje toarnbeien dy't sêft binne en maklik loslitte. Ast der pearse/reaede fingers fan krijst, dan witst seker datst de swietste en de soppichste toarnbeien plôke hast.
- Draach klean mei lange mouwen en broeksboksen.

- Nim in plestik of papieren beker of bakje mei om de toarnbeien yn te dwaan.
- Lis de toarnbeien nei it plôkjen yn wetter mei wat sâlt. As der lytse bistkes yn sitte, litte dy los troch it sâlt wetter en driuwe se nei boppe. Nei it sâltbad de toarnbeien goed neispile mei skjin wetter.

Hasto gjin toarnbeistrûken yn 'e buert? Fansels binne toarnbeien ek by boeren, de grienteboer of yn de supermerk te keap.

plôkjen = plukken
toarnblêd = doornblad
toarnestrûk = doornstruik
stâlen = stelen
kuorren = korven
knibbelhichte = kniehoogte
skimmelynfeksje = schimmelinfectie

Resept foar in lekkere smoothie:

Dit bist nedich:

- 225 gram toarnbeien
- 400 gram blauwe beien
- 1 banaan
- 250 ml yochert
- 2 ytleppels farske jus d'orange
- In blender
- In grut drinkglês



Hoe makkest it?

1. Spiel de toarnbeien en de blauwe beien goed ôf
2. Helje de banaan út syn jaske en snij him yn stikjes
3. Doch de banaan, de beien en jit sinesapelsop yn de blender
4. Jit de yochert der oerhinne
5. Doch it dekseltsje op de blender (hiel belangryk ast gjin smoothie op de muorren of sels it plafond ha wolst)
6. Set de blender oan oant'st in glêde smoothie hast
7. Jit de smoothie yn in glês

Riemer wol skûtsjeskipper wurde

Skûtsjesilen, do hast it grif wolris sjoen. Sylwedstriden mei âlde frachtskippen fan soms mear as hûndert jier âld. De 13-jierrige Riemer Zwaga út Langwar heart sûnt foarich jier by de bemanning fan it Ljouwerter skûtsje. Hy hat grutte plannen: 'It is myn doel om skûtsjeskipper te wurden.'



Trije wiken yn it jier sile de skûtsjes om it kampioenskip op de Fryske marren. Dat dogge se by twa ferieningen: de Sintrale Kommisje Skûtsjesilen (SKS) en de Iepen Fryske Kampioenskippen Skûtsjesilen (IFKS). By de IFKS kin elkenien dy't in skûtsje hat meidwaan. De SKS bestiet út 14 skûtsjes. Dêr meist allinne skipper by wurde ast ôfstamst fan in échte skûtsjeskipper. Riemer is de âldste soan fan skipper Willem Zwaga fan it Ljouwerter skûtsje. 'Dat is in prachtich skûtsje', fertelt Riemer. 'Us pake Ulbe wie earder ek skipper op dit skûtsje, dus dan is it moai om dat fuort te setten.'

Ek oerpake Rienk en oeroerpake Ulbe hawwe by de SKS syld. Ulbe Zwaga sr. stiet sels boppe-oan yn it 'SKS-vleugelklassement' en hat mar leafst 79 oerwinningen op syn namme stean. Wannear ûntduts Riemer dat hy by sa'n **ferneamde** skûtsjefamylje heart? 'Dat wie yn groep 8 doe't Harmen Brouwer, de skipper fan Langwar, by ús yn 'e klasse kaam. Hy fertelde oer it skûtsjesilen, oer froeger en ek oer myn famylje. Doe besefte ik dat myn famylje bêst wol bekend is.' It lesprogramma 'Pake syn skûtsje' is spesjaal betocht om bern **yn 'e kunde komme** te litten mei skûtsjesilen.



Troch: Bianca Beemer

Ranjajonkje

Riemer is grut wurden mei skûtsjesilen. Foar him wie it fanselsprekkend dat er oait bemanningslid wurde soe. 'Foarich jier mocht ik foar it earst mei oan board yn in wedstriid.' Riemer is 'ranjajonkje' en sit yn de roef. Wat hy dwaan moat? 'Ik moat derfoar soargje dat de roef netsjes bliuwt, it tou fan de **grutskoat** ynhelje en ranja útdiele.' Riemer heart echt by de bemanning en sit ticht by syn heit. 'Dêr moast ik yn it begjin wol even oan wenne', seit Riemer laitsjend. 'Us heit is oan board hiel fanatyk en sa hie ik him noch net faak sjoen. Mar dat fyn ik wol moai.'

Maritieme Academie

Wat liket him de moaiste taak op it skûtsje? 'Ik tink achterop by ús heit, by de grutskoat, of op it foardek oan de fok.' It belangrykste fynt Riemer dat se it **mei-inoar** dogge. Skûtsjesile is in teamsport, krekt as fuotbal dêr't Riemer ek op sit. 'Ik spylje allinne noch wedstriden, traine kin net mear omdat ik op de Maritieme Academie yn Harns sit. Dêr bin ik fan moandeis oant freedts yntern.' Krekt as syn heit wol Riemer letter de skipfeart yn en dêrneist trochgean mei skûtsjesilen. 'Yn 'e winter sjoch ik al nei de kommende wedstriden út. Sadree't de earste west hat, falt de spanning fuort. Wy sile fansels foar in plak yn de top 3. Mar as wy top 5 sile, is de stimming oan board ek al goed.' De Lemmer is Riemer syn favorite wedstriidlokaasje.

Foto's: Martin de Jong

'Dat fyn ik it moaist omdat dêr altyd **merke** is én wy sile dêr twa wedstriden.'

Jongerein opliede

Alle jierren wurdt der yn septimber it 'Jeugdzeilen' organisearre; foar **jongerein** fan 8 oant 18. 'Echt in oanrieder!', fynt Riemer. 'Sile jout dy in gefoel fan frijheid en dat is hiel leuk. It is ek alle kearen wer oars.' Sels hat Riemer yn in optimist syld, mar no leart hy it silen fan syn heit. Op in skûtsje, want heit Willem hat dit jier in skûtsje oanskaft wêrop't hy jongerein opliede wol foar it wedstriidsilen. 'Ik fyn it moai dat er soks docht. Hy wol dat it skûtsjesilen ek yn 'e takomst bestean bliuwt.'

Wolsto Riemer en it Ljouwerter skûtsje folge? Sjoch dan op: www.ljouwerterskutsje.frl.



ferneamde – bekende
yn 'e kunde komme – kennismaken
grutskoat – grootschoot
mei-inoar – met elkaar/samen
merke – kermis
jongerein – jeugd

No sa!



De cranberry

Do kinst dy yntinke dat minsken dy't ticht by de natuer wenje ek in protte witte fan de natuer. **Hjoed-de-dei** binne der net safolle folken mear dy't allinne mei de natuer wenje. Foarhinne wie dat oars. De oarspronklike bewenners fan Amearika, de Indianen, wisten presys hokker frucht of bledsje se hawwe moasten foar lekkere tee of tsjin pine holle en oare kwalen. Se wisten ek hiel goed wêr't de cranberry goed foar wie, en dêr giet dizze tekst oer.

Doe't minsken út Europa Amearika ûntdutsen hiene, bouden sy dêr, fan it begjin fan de 17de iuw ôf, nije doarpen en wie der gjin romte mear foar Indianen*. Dizze nije bewenners fan Noard-Amearika waarden **kolonisten** neamd. De Indianen brûkten cranberrysop om **fleiswûnen** fan wylde bisten en pylken te behanneljen. De kolonisten seagen dat, en woenen dy wûnderlike **beikes** wol meinimme nei 'hûs'. Se follen **tûnen** mei beien om se yn harren eigen lân te ferkeapjen as wûndermiddel. Mar ek ûnderweis op it skip kamen se goed fan pas. De reizen fan Amearika nei Europa wienen lang. Soms wienen it skip en de bemanning wol moannen ûnderweis. Dan rekke it farske iten op mar mei de cranberrys hiene se in **fet** fol fitamine C oan board. Sa bleau de bemanning sûn en krigen se gjin **skuorbot**. Fan de cranberrys makken se ek brandewyn. Wat sterke drank fûnen de matroazen wol lekker en it wie noch goed foar harren ek. Noch in foardiel wie dat se de cranberrys hiel lang op it skip bewarje koenen, sûnder se te kuoljen. Want in kuolkast wie der doe fansels noch net.

De skippen fearen mei de lading oan board nei hús ta. As se de oseaan oerfearn wiene, stutsen se it Ingelsk kanaal troch nei Skandinavië, en se kamen dan ek ús eilannen foarby. In hiel soad skippen fergongen yn de **gefaarlike ûndjipten** foar de kust fan **Skylge**. It wiene gouden tiden

foar de **strânjutters**. Dy bouden huzen fan it oanspielde hout. Soms spielde der ek lading fan it skip oan, lykas de fetten mei wyn. Op in kear spjelde der in fet oan mei hurde soere reade beikes deryn. Gjinien wist doe noch dat dit Amerikaanske cranberrys wiene, mar it ferhaal giet dat se sa om it jier 1845 hinne op Skylge oanspield binne.

Yn 1868 socht Franciscus Holkema foar **syn ôfstudearjen** nei bysûndere planten op de eilannen yn ús Noardsee. Hy wie botanikus, in wittenskipper dy't alles fan planten witte wol. Hy ûntduts mei in selskip fan oare studinten it bysûndere plantsje yn de dúnpannen op Skylge. Franciscus hat syn skripsje net ôfmakke; hy waard siik en stoar. Mar op it **fêstelân** waarden se wol hiel nijsgjirrich nei dat plantsje en se fregen har ôf hoe't it dêr no yn de goedichheid kommen wie.

De **Skylgers** dy't op it eilân wennen moasten neat hawwe fan dy **nijichheid** en woene it plantsje net ite. Se wisten net oft se it wol ite koene; wa wit, wie it giftich! Mar doe't der ien hielendal fan Drinte nei Skylge ôfreizge om it plantsje op te heljen, waarden de Skylgers ek wakker! Se krigen troch dat der in hiel bysûnder plantsje op it eilân groeide. Blinder, dy moasten net allegearre ôfgroeven en nei Drinte **skipe** wurde!

Tsjintwurdich binne der regels foar wa't de beien plôkje mei. Fan septimber oant novimber **ryppe de beien ôf** en kinne se plôke wurde. Eartiids gong alles mei de hân. Dan hiene de plôkers in bak en in jutesek mei. Dat die wol wat sear oan de hannen. Tsjintwurdich giet it mei in apparaat, soks as in grutte foarke. Sadree't de Skylgers mei in plôkpas de offisjele plôk ôfslute, jouwe se guon fjilden frij foar it neiplôkjen. Dan mei elkenien de lêste beikes derôf plôkje. Mar sa yn de mûle stoppe, dat is fiis: se binne soer en hurd. Thús kinst der, mei swiete stoffen sa as sûker of huning, sjem of kompôte fan siede. Yn Dútslân en

Eastenryk krijt cranberrykompôte by de snitzel, dan hjitte se preiselbeeren. Der binne ek bedriuwen dy't de beikes ferwurkje. Harren produkten sa as de sjem, kompôte, tee, wyn of piltsjes foar de blaas en nieren, fynst yn allerhande winkels.

Hjoed-de-dei tegenwoordig of op dit moment

De kolonisten *mensen die verhuizen naar een ander land en meestal met meerdere landgenoten in een nieuwe woonplaats gaan wonen*

Fleiswûnen *vleswonden een wond in de huid*

Beikes *besjes*

Tûnen *tonnen (en geen tuinen)*

Fet *vat (en niet vet)*

Skoarbot *scheurbuik – een ziekte die je kunt krijgen omdat je lange tijd geen vitamine C binnenkrijgt*

Gefaarlike ûndjipten *ondiepe stukken in de zee waar schepen makkelijk in de bodem vast komen te zitten en eventueel omslaan*

Strânjutters *strandjutter – iemand die op het strand zoekt naar aangespoelde goederen*

Foar syn ôfstudearjen *- voor zijn afstuderen – voordat hij zijn diploma haalde*

It fêstelân *het vaste land – een land dat geen eiland is*

Skylge *Terschelling*

Skylgers *bewoners van Terschelling*

Nijichheid *nieuwigheid*

Skiye *verscheept*


Ôfrypje *afrijpen – de laatste fase fan het rijp worden van de vrucht*



*wolst mear witte oer de oarspronklike bewenners fan Amearika? Scan dan dizze QR-koade en besjoch it filmke.

Fragen nei it lêzen

1 Tekenje op de wrâldkaart yn hoe't de cranberry fan Amearika nei Skylge kaam is.



2 Yn 1868 kaam de botanikus Franciscus Hokema nei Skylge en ûntduts de cranberry. Sykje en ûnderstreek yn de tekst wat in botanikus is.

3 Yn de tekst wurde meardere foarbylden neamd fan in positive útwurking fan cranberrys. It wurdt sels in wûndermiddel neamd. Understreekje yn de tekst hoe en wêrfoar de cranberry's brûkt waarden of wurde. Ferlykje dyn antwurden mei dyn skoudermaatsje. Hawwe jim deselde antwurden fûn?

4 Wêrtroch realisearden de Skylgers harren dat de cranberry net samar in gewoan plantsje wie?



5 Do hast lêze kind dat de cranberry in bysûndere frucht is. Meisto sels cranberry's plôkje op Skylge? Jou mei help fan de tekst oan wêrom wol of net.

Bauke hinget om by it fuotbal fjild. Moai, dêr komme de oaren ek al oan. Bram, Jan en Douwe. 'Hee, hoi.' Se slagge elkoar op 't skouder. 'Hoe is it?' Bauke lûkt oan 'e skouders 'Ja goed hear. Moatte jimme ek meidwaan oan dy sponsorloop?' freget er. Bram lûkt de noas op en knikt. 'Ja, liket my neat oan. Moatst sels sponsors regelje en dan ek noch drave. Pfff.'

'Kinst der wol bioskoopkaartsjes mei winne foar dy nije film', seit Douwe. Dy wol ik eins wol winne. Ik bin blut.' 'Ja', seit Jan, 'dat wol ik eins ek wol'. 'Sille we dan mar efkes de buorren troch om wat sponsors te regeljen? Mar by de winkels begjinne?' Bauke en Douwe lûke in fiis gesicht. 'Moat dat echt? Ik wol leaver fuotbalje.'

'Ja, snap ik. Dat wol ik ek wol', seit Jan. 'Mar ik wol ek winne. Hoe mear sponsoaren, hoe minder datst hoechst te draven.' 'Ja, dat is wier', seit Bram. 'Ik gean wol efkes by de slachter del. Geane jimme nei de bakker en nei Fan Driel? Treffe we elkoar hjir daliks wer. Sille we dan fuotbalje?' Bram en Jan drave fuort. Bauke en Douwe slofkje ek de buorren yn.

'Wat bliuwe se lang fuort', seit Douwe. 'Se binne al hast in oere fuort. De útslovers.' Bauke lûkt oan de skouders. 'Lit se dochs. Ik betelje dat stomme kaartsje sels wol', seit er. 'Ik bin net fan doel om in protte te draven. My te folle gedoch. Ien rûntsje liket my bêst genôch.'





'Steane we dan net in bytsje foar gek? Ien rûntsje is foar losers toch?' seit Douwe.

'Wisto wat bettere dan? Ik wol echt net al dy rûntsjes drave hear. Fyn ik net cool.' Bauke wurdt suver in bytsje lilck. 'Rêstich mar, ik sis dochs net datsto dat dwaan moatst? Sille we der wat op betinke? Kinne we net gewoan in pear fytsen delsette? Fytse we gewoan in ein. Kinne we byelkoar efterop. Dan hoege we net te draven en kinne we dochs winne', seit Douwe. 'Ja!' ropt Bauke. Goed idee! Dat dogge we!' 'Dêr komme Bram en Jan wer oan. Fertelle we it harren?' freget Douwe. Bauke skoddet de holle. 'Nee, dy binne fierstente braaf. We dogge it moai tegearre.'

Se steane allegearre klear by de start. Jan en Bram hawwe in protte sponsoaren op har listke stean. 'We winne fêst wol', seit Jan. 'Gewoan goed trochdrave Bram. Dan helje wy it measte jild op.'

Dan klinkt it startskot en se drave allegearre fuort. Bauke en Douwe drave eltsenien foarby. Se moatte as earste by de fyts wêze. Se hawwe fjouwer fytsen ferstoppe yn de boskjes. Bram en Jan drave flak efter harren. Mar dat makket neat. 'Silsto earst fytse?' himet Douwe. 'Dan spring ik by dy efterop.' Bauke kriget de fyts út de boskjes. Se springe tegearre op de fyts

en ride fuort. 'Hee!' ropt Jan lilck. 'Dat is net earlik. Sa kinne wy net winne!'

Mar Bauke en Douwe lûke harren der neat fan oan. Se fytse troch. Oan it ein fan it rûntsje smite se de fyts wer yn 'e boskjes en drave it lêste eintsje. It publyk klapt. 'Wat geane jimme hurd jonges! Klasse!'

As se de hoeke om binne seit Douwe: 'It fielt wol in bytsje gek, fynst ek net? Dat se foar ús klappe?' 'Stel dy net oan', seit Bauke. 'We helje in protte jild op. Dêr giet it dochs om?' Kom op, no moatsto fytse. Toe, krij dy fyts út 'e boskjes.' Se fytse eltsenien foarby. De measten ridders fine it hielendal net leuk. Sommigen roppe boas. Bauke swaait nei harren. 'Alles, foar it goede doel!' ropt er.

Se binne de iennigen dy't oan in fjirde rûntsje begjinne. 'Oanfytse Douwe, dan binne we noch op tiid oer de finish', seit Bauke. As se by de boskjes stopje steane dêr ynienen menear

Hoekstra en menear De Bildt. 'Shit!' rôpt Bauke. 'Fluch, smyt dy fyts yn 'e boskjes en drave!' 'Dy hawwe ús al lang sjoen', seit Douwe. We binne der by.' 'Dat wiststo hielendal net. Kom, gewoan hurddrave', seit Bauke. Se sette it op in draven en besykje sa lâns Hoekstra en De Bildt te kommen.

'Sjoch ris wat we hjir hawwe', seit Hoekstra. 'Sportivelingen!' ropt De Bildt. 'Ik tink dat we foar jimme in útsûndering meitsje moatte', seit er. 'Om't jimme it hurdrinnen sa moai fine meie jimme noch fjouwer rûntsjes drave. 'Ja,' seit Hoekstra, 'en dan sille we jimme mei de hiele skoalle oanmoedigje.'



Fragen nei it lêzen

Wêr begjinne de jonges om sponsoaren foar har sponsorloop te finen?

Hoe kin it dat Douwe en Bauke sa rap binne?

Foar hokker doel soene jim op skoalle wolris in sponsorloop hâlde wolle?

Full power it nije skoaljier yn! Begjinsto it skoaljier mei in soad enerzjy? Miskien dat de nije ôflevering fan Tsjil Tsjekt dy helpe kin oan noch wat ekstra enerzjy want it tema fan dizze moanne is *powerrr*. Presintator Raynaud wit dêr fansels alles fan.



1 In Tsjil Tsjekt oer enerzjy, hoe sit dat?



'Enerzjy kinst op twa manieren besjen. Enerzjy dy'tsto sels hast om aktiviteiten te ûndernimmen, mar ek enerzjy om apparaten wurkje te litten. De Tsjil Tsjekt foar dizze moanne giet benammen oer wêr'tsto en dyn lichem enerzjy fan krije. Iten dat dy enerzjy jout, sporte, dyn freonen en mei-inoar wat ûndernimme.'

2 Wêr krijsto enerzjy fan?

'Ik krij enerzjy fan in hiel soad dingen! Ik sport bygelyks meardere kearen yn 'e wike en dat jout my enerzjy. Mar ik krij ek enerzjy fan myn wurk. As ik foar in folle seal mei minsken stean dy't in feestje bouwe as ik dêr mei myn band spylje. En ik fyn it ek hiel leuk om mei jim Tsjil Tsjekt op te nimmen. Kinst dus net allinne enerzjy krije fan sporte en sûn ite, mar ek fan minsken.'



3 Sit der ek wat enerzjy yn Tsjil international?

'Jennifer hat gjin stroom mear. En dat fynt se ferskriklik ferfelend. Ik begryp dat wol, want wy binne der ek nochal ôfhinklik fan. As hjir efkes de stroom útfalt, is dat meastal mar foar in koart skoft, mar Sierd yn Súd Afrika hat somtiden wol acht oeren gjin stroom. Acht oeren! Dat is echt in soad. Hoe wurket dat dêr, en hoe fermakket er him dan? Dat siket Jennifer út!'




4 Welke Tsjil filmkes jouwe enerzjy?



'Ik kin it my hast net foarstelle, mar ast de Tsjil TikTok-race fan dizze simmer mist hast dan hast wol echt wat enerzjike filmkes mist! Yn in race troch de provinsje naam team Tsjil it ûnderling tsjininoar op. Ik fertel hjir fansels net wa't it wûn hat, want ast dat witte wolst, kinst de hiele striid nochris weromsjen fia ús YouTube-kanaal.'

5 Wat kinne wy de kommende tiid ferwachtsje?

'Ja! Prachtich moai nijs oer Sjong junior. It programma Sjong junior hat nammentlik in hiele belangrike priis wûn. Dit skoaljier is der wer in nije edysje fan Sjong junior dus as jim mei de klasse ek meidwaan wolle oan dit te gekke projekt, dan soe ik jim juf of master mar fêst efkes oan it jaske lûke.'



Folgje Tsjil fia TikTok, Instagram en YouTube én doch mei oan Tsjil Tsjekt!

Tsjek dit!

Projekt CARE Skylge: sykje nei it ferline fan Skylge




Guon minsken krije in soad enerzjy fan it sykjen nei âlde dingen. De Universiteit fan Amsterdam hie dizze maitiid in hiel aardich archeologyprojekt: CARE Skylge. It is bedoeld foar archeologystudenten en foar minsken op Skylge dy't meidwaan wolle. Der wurdt sjoen op fiif plakken oan de westkant fan Skylge: kastiel fan Aremberg, de earste fjoertoer en fjouwer doarpkes dy't ferdwûn binne: Wolmerum, Hierum, Allum en Stortum.

It earste projekt wie dit jier foar de simmerfakânsje. De bedoeling is de kommende jierren it projekt te werheljen. Hast nocht, enerzjy en tiid, dan kinst miskien ris meidwaan de kommende jierren.



Problemen om nei It Amelân te gean

Wy bliuwe noch even op de Waadeilannen. Brûk ris wat fan dyn enerzjy om in oplossing te betinken foar de problemen mei de fearboat nei It Amelân. Trochdat de fargeul hieltyd tichtsliket kin Wagenborg net altyd op skema farre op It Amelân. Der wurdt kontinû baggere om de fargeul iepen te hâlden. Dochs falle der no en dan boaten út en op It Amelân is der ûnrêst by de minsken om't se net wis binne fan it ferfier. Wat tinksto dat úteinlik de goede oplossing wêze sil?



Bereikbaarheid van Ameland onder druk: 'We baggeren 5 tot 7 keer per dag'

Gewoane Hoornaar en Aziatyske Hoornaar



Yn de lette simmer en iere hjerst binne der no en dan fan dy lestige ealbijen (wespen). In soad minsken krije de kribels fan dy ynsekten, mar guon binne echt benaud foar dizze bisten. Sûnt in pear jier hast hjir ek in grutte wespesoort: de Hoornaar. Dy kin sawat 2,5 sintimeter grut wurde. Mar der is noch in nijkommer út Asië: de Aziatyske Hoornaar. Dy binne skeadlik om't se bijekasten oanfalle.




Bysûnder grêfheuvel- kompleks by Tiel

Noch even wat archeology, want by Tiel ha se tusken 2017 en no ek grut archeologysk ûndersyk dien nei in samling grêfheuvels. De grutste heuvel wie ek in soarte fan sinnekalinder. Sa koene se bygelyks de koartste dei (begjin fan de winter) en de langste dei (begjin fan de simmer) bepale. Der binne ek in soad foarwerpen fûn. It âldste wie fan 2500 foar Kristus. Dus 4500 jier âld! Yn in grêfheuvel waard een glêzen kraal fûn dy't yn Mesopotamië (no is dat Irak) makke is. Nei skatting is de kraal sa'n 4000 jier âld.



Steuring troch Starlink-satelliten

Der komme mear en mear satelliten yn de romte. Se draaie om de ierde en stjoere radiosinjalen nei de ierde. Mar dêr binne astronomen net altyd bliid mei want foar har romte-ûndersyk meitsje se gebrûk fan radioteleskopen. Dêrmei besykje se sinjalen út de romte op te fangen. Troch al dy sateltytsinjalen, sa as dy fan de Starlink-satelliten fan Elon Musk, wurdt dat sinjaal út de romte fersteurd. Der wurdt no frege om dúdlike regeljouwing sadat it wurk fan de radio-astronomy straks net ûnmooglik makke wurdt.




Hagelstiennen as tennisballen



Yn de simmerfakânsje wie it needwaar yn it noarden fan Italië. Dêrby foelen der hagelstiennen sa grut as tennisballen út de loft. Troch dy grutte hagelstiennen is der in soad skea. Grutte dûken yn auto's, karavans en kampers, ruten derút, sinnepanielen stikken en der binne sels twa minsken by om it libben kaam. Neffens waerman Gerrit Hiemstra binne sokke grutte hagelstiennen unyk yn Europa: 'Se wurde sa grut om't se yn de loft op en del geane. Se plakke oaninoar en falle dêrnei as grutte iisballen út de loft.'



James Webb Space teleskoop makke foto's fan Saturnus



Gelokkich hat de James Webb Space-teleskoop gjin lêst fan al dy satelliten. Want dizze teleskoop sirkelt yn de romte. Ein juny hat de James Webb Space-teleskoop moaie opnamen makke fan Saturnus. Dat is dy planeet mei ringen. Sjoch hjir it resultaat. It liket wat oars as watst gewoanlik sjochst, mar dat komt om't it ynfraread-opnamen binne.



Bijen en omega 3-oalje



It is bekend dat bijen net goed oer pestisiden (lânboegif) kinne. Mar miskien is der goed nijs! It liket der op dat in fiedings-oalje dy't ryk is oan omega 3-fetsoer de bijen wat beskermje kin tsjin de pestisiden. As dat wier blykt te wêzen, kin it miskien brûkt wurde om bijefolken groei te litten.



MEITSJE IN WY-KE FAN DYN SELS-KE



IK HA LEARD
FAN MYN FREON
DAT...

MYN OERBEPPE
LEARDE MY...

MYN HÛN
LEARDE
MY...

IK HA LEARD
FAN ÛS HEIT
DAT...

Wat in keunstner docht is:

- ▶ oars sjen
- ▶ doare te fielen
- ▶ helder tinke
- ▶ gewoan begjinne te meitsjen



- ▶ Der is gjin fêste folchoarder
- ▶ Kies wêr'tsto begjinne wolst
- ▶ Wês net bang datst net kreatyf bist
- ▶ Kreativiteit en fantasij dat binne spieren, en dy kinst traine!

Tink ris nei oer de fraach: fan wa ha ik wat leard?

⇒ Fan wa hasto wat leard?

⇒ Op wa likesto?

⇒ Fan wa hasto dyn eagen?

⇒ Fan wa dyn glim om 'e mûle?

⇒ Ek oan de binnenkant, yn wa'tst bist, en watst kinst en wichtich fynst, bisto foarme troch oare minsken.

Undersykje boppesteande fraach ris op de folgjende wize:

Oars sjen

Sjoch nei dysels yn de spiegel of nei in foto fan dysels. Fan wa hasto dyn eagen? Hokker linen, foarmen, groeden en ferhalen sjochsto yn dyn gesicht? En ast op 'e kop sjochst? Bepraat mei dyn skoudermaatsje watst sjochst.

Doare te fielen

Hokker minsken hawwe in spesjaal plakje yn dyn hert? Wêrom? Wat hast fan harren leard? Trochsette, tefreden wêze mei lytse dingen, kreatyf wêze, grapkes meitsje ensfh. Skriu yn dyn eigen taal op in kladbledsje de minsken dy't no by dy opkomme en watst fan harren leard hast.

Helder tinke

Hast ek foarbylden of idoalen dy't dy ynspirearje? Wat leare sy dy? Skriu dat ek op dyn bledsje. Do hast no fan alles sammele, troch te sjen, te fielen en te tinken. No kinst oan 'e slach!

Gewoan mar meitsje

Meitsje in listke fan dingen dy't echt goed by dy passe. Kinst se helje út watst al op dyn kladbledsje skreaun hast mar kinst miskien ek noch wol mear betinke. Begjin alle sinnen mei: 'Ik ha fan leard, Bygelyks: *Ik ha fan heit leard, dat as ik ergens mei sit, dat ik dêr dan oer prate kin. Dat is júst goed en it luchtet op. Of Ik ha fan myn freon leard wat ik dwaan kin as ik my ferfeel.*

Sykje plaatsjes yn âlde tydskriften of kranten dy't passe by dy en de dingen dy'tst hjirboppe opskreaun hast

Meitsje no in kollaazjeportret sa as it foarbyld hjirjonken. Sjoch nochris goed nei de foarmen yn dyn gesicht. Kombinearje, knip en plak de plaatsjes dy'tst útsocht hast. Doch it op dyn eigen wize. Skriu dan de wurden of sinnen derby

dy'tst hjirboppe al sammele hast. Sa makkest in wy-ke fan dyn selske (selfie) Diel mei-inoar en lear inoar better kennen troch dyn wy-ke te presintearjen.

Praat mei-inoar. Wat ferrast dy? Wat binne de ferskillen? Oerienkomsten? Wat sprekt dy oan yn de wy-kes fan oaren?

GOUDWESP

Goudwespen binne lytse wespkes fan sawat 6 oant 10 mm lingte. Se kinne hiel rap en ûnrêstich fleane en binne dêrom net altyd like maklik te sjen. Mar ast se in kear sjoen hast, ferjitst se noait wer. Se hawwe skitterjende kleuren. Dêrom wurde se net om 'e nocht de moaiste ynsekten fan Nederlân neamd! It liket wol oft se yn in potsje metallic ferve swommen hawwe. Dy moaie reinbôgekleuren dy't se hawwe wurde irisearjende kleuren neamd. De kleuren ûntstean troch in bysûnder natuerkundich ferskynsel.



Fan de maitiid oant de ein fan de hjerst kinst se oeral yn Fryslân tsjinkomme. Se binne op in ljochte dei graach op besite yn ynsektehotels. Sjoch op in waarme dei mar ris in skoftke by sa'n ynsektehotel. Do silst der grif wol ien sjen. Hoechst net benaud te wêzen datst stutsen wurdst troch in goudwespeke. Se hawwe wol in angeltsje, mar dat is sa lyts datst it net mear as angel werkenne kinst. In minske dermei prikke sil se al hielendal net slagje.

Dizze wespkes lizze de aikes yn nêsten fan oare ealjebijsoarten (ealjebij is in oar wurd foar wesp) dy't by in ynsektehotel op besite binne. Dêrom wurde de goudwespkjes ek wol koekoekswespen neamd. It binne wol wat boefkes... As de aikes fan de goudwesp útkomme, ite se de aikes of de larven fan de oare ealjebijsoart op. Dat hjit parasitêr libben. Se binne dus, krekt as de koekoek, ôfhinklik fan in oare soart.

Trochstreekpuzel

Yn dizze Tsjil in puzel oer alle gear dingen dêr'tst enerzjy fan krije kinst. De letters dy't oerbliuwe, foarmje in wurd wat net in soad enerzjy hoecht te kostjen. Set dat wurd yn in e-mail en stjoer dat foar 18 septimber nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailtsje en wa wit winsto in priis!

Sukses!

A	S	S	W	E	E	F	O	L	L	Y	B	A	L	J	E
K	T	L	S	P	O	N	S	O	R	L	O	O	P	I	M
E	R	T	F	I	E	R	L	J	E	P	P	E	A	D	U
A	Â	M	R	N	I	F	E	L	J	E	L	A	O	O	Z
T	N	A	F	A	H	A	N	Ê	T	I	B	U	B	A	Y
S	E	G	R	F	K	Y	M	Z	S	E	G	P	O	R	K
E	R	N	E	R	A	S	N	E	J	S	F	U	A	P	T
M	F	E	O	Y	A	N	J	S	R	N	I	Z	R	S	O
I	U	E	N	S	T	S	T	E	T	K	T	E	T	F	U
N	O	T	E	K	T	A	B	A	P	E	E	L	S	E	D
E	T	F	N	Û	O	B	E	R	S	A	R	S	J	E	Û
C	B	I	K	P	O	F	Y	T	S	E	R	I	E	S	N
R	A	S	I	N	N	E	S	K	Y	N	A	K	D	T	S
A	L	K	S	F	A	K	Â	N	S	J	E	R	J	E	J
F	J	J	H	E	A	L	W	I	I	Z	J	E	J	E	E
T	E	E	T	E	L	E	F	Y	Z	J	E	S	J	E	N

- | | | | |
|---------------|------------|---------------|---------------|
| Attraksjepark | Frysk | Magneetfiskje | Skûtsjesile |
| Boartsje | Fuotbalje | Merke | Snobbersguod |
| Doarpsfeest | Fytse | Minecraft | Sponsorloop |
| Fakânsje | Healwiizje | Muzyk | Strân |
| Fantasearje | Hynsteride | Nifelje | Sweef |
| Fierljeppen | Ite | Poatsjebaaie | Telefysjesjen |
| Follybalje | Keatse | Puzels | Toudûnsje |
| Freonen | Lêze | Sinneskyn | |

In skoalle mopke

Master Linus: 'Rixt, do moastst echt better dyn snút poetse. Ik kin gewoan SJEN watst fan 'e moarn iten hast!'


Rixt: 'Wat dan, master Linus?'

'Bôle mei sûkelarjepasta!'

'Mis,' ropt Rixt, 'dat wie juster!'

Sudoku

5	6	1	3					2
	3		5	9	6		1	
	7				2	3		
	5	9		6				
6	8				5		3	1
		4			9			
		3	6	1				7
		6		5		2		3
7						1		



It folgjende nûmer komt begjin oktober út en hat as tema Berneboekewike 'by ús thús'

De priiswinner fan de lêste puzel is:

Eline de Vries fan KBS de Fjouwerhoeke út Hantumhuzen. Fan herte lokwinske Eline!

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **wytlof** en út de hynstesprong kaam **kamaraman**.

LEGE AKKU!



HEE JAMILLA!
WĒR SILSTO
HINNE?



IK SIL MYSELS
OPLADE!




OPLADE??



DOCHT DYN PLAYSTATION
IT NET MEAR?

JAWOL.



IS DYN MOBYLTSJE
'LEECH?

NEE.



SILSTO DYN E-BIKE
OPLADE?

EK NET.



WAT DAN?

IK SIL MY OPLADE YN'E
NATUER!